

Fakânsje



T-shirts, truien, ûnderbroeken,
Pyjama's, krûpers, ballen, boeken




Past it allegearre wol?
De koffer sit no wol hiel fol!

Toskeboarstels, doekjes, sokjes,
Barbiepoppen, jurkjes, rokjes

Moat der no noch mear spul mei?
Nee, dat past noait, sa't ik sei

Al dat guod, lit dat mar thús
wat klean, dat is genôch foar ús



Sân, wetter, wille, sinne
Is alles dat wy nedich binne!

